



Z292003-2020 (Z284204-2020)

## MOASJE

Art. 49 RfO

Moasje nei oanlieding fan agendapunt nû. 6 yn de riedsgearkomste fan 5 novimber 2020

De ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn gearkomste byinoar op 5 novimber 2020

**Underwerp: Jongerein oant 12 jier frij fan toeristebelesting**

De ried,  
heard it beried,

konstatearjend dat:

- de ried hjoed in beslút nimt oer it ferheegjen fan de toeristebelesting fan € 1,- nei € 1,50 (*Foarstel 3*);

oerwaagjend dat:

- dizze ferheging hurd oankomt by de toerismesektor yn ús gemeente;
- der troch de ynsprekkers frege is om jongerein ûnder de 12 jier frij te stellen fan toeristebelesting;
- der net genôch tiid is om de goede sifers fan opbringsten en kosten te generearjen;
- it gastengilde mei oare sifers oer kosten en ferlies oan opbringsten komt as it kolleezje;
- it frijstellen fan jongerein oant 12 jier in gaadlik marketingynstrumint wêze kin;

fersiket it kolleezje om:

- foar 1 desimber 2020 út te sykjen en oan de ried te rapportearjen wat de gefolgen binne as de ried beslút gjin toeristebelesting te heffen foar jongeren oant 12 jier;
- dêrby gebrûk te meitsjen fan sawol de ynterne sifers mar ek dy fan it gastengilde;
- oan te jaan wat de mearopbringsten fan de toeristebelesting yn 2020 binne oant no ta,

en giet oer ta de oarder fan de dei.

Yntsjinne troch: B. Koonstra (FNP), SIN, VVD, CDA

<b>Stimming</b>	Foar:	Tsjin:
Moasje oannaam / net oannaam		

Sa besletten troch de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn syn iepenbiere gearkomste fan 5 novimber 2020.

De ried niisneamd,  
de griffier,

de foarsitter,

mr. S.K. Dijkstra

mr. J.G. Kramer